

Jikke moast it oflizze tsjin Hiske

Roel Bokke Span (23) út Stiens is wer kampioen fierljeppen

„Dit is in Nederlânsk rekord. Lit alle Russen en Sjinezen mar komme, hwant dit is ek in Europeesk rekord. Hwat? Nimmen yn 'e hiele wrâld hat sa fier sprongen". Dat wiene sahwat de wurden fan âld-deputearde H. M. Gerbrandij, sneon nei ôfrin fan it kampioensfierljeppen yn Winsum, doe't it gong oer de prestaesjes fan Roel Bokke Span út Stiens! Fjirtjin meter en njoggen sentimeter. De fierste sprong, ea mei in polsstok makke, hwer dan ek op 'e wrâld, wie ten sentimeter greater as de sprong fan George Valkema fan 'e Jouwer op 9 augustus 1964. Dy sprong doe yn Jidskenhuzen 14.08. m. Spitch, o sa spitch, dat nei ôfrin fan de wedstriid by it neimjitten fan de langste sprong bliken die, dat er koarter wie en wol sa'n âlve oant trettjin sentimeter. Mar Span wie op 'e nij kampioen, dat is seker. Undanks it feit, dat de neimjitterij en de nije resultaten toloarstellend west hawwe moatte foar Roel Span, wie it in pracht fan in ljepperij yn Winsum. It wie foar de tsiende kear, dat dêr om it kampioenskip oer de Sint Jabik sprongen waard. De taskôgers, inkelde tûsenen, krigen waer foar har ryksdaelder.

De jongste groep telde fiif dielnimmers. Favoryt wie Enne Kamstra (13) út Winsum, dy't foar eigen publyk sjen liet hwat er koe. En dat wie hwat! Syn earste sprong wie 10.30, de bêste afstân, dy't er dit simmerskoft helle. Mar syn twade sprong wie noch gâns fierder: 10.58 m. Hy helle hjir mei de earste priis yn syn groep. By de fjirtjin- en fyftjinjierrigen koene ek noch al hwat sprongen boppe de tsien meter metten wurde. Henk van der Velde fan 'e Jouwer brocht it sels ta 10.84 m.

De groep sechtjin oant en mei acht- tjin jier telde in tweintich ljeppers en dit wie de groep, hweryn de earste dielnimmers fan bûten Fryslân mei- sprongen. Fan de fjirtich sprongen yn dizze groep wiene der fiif boppe de tolve meter. Rindert Rosier út De Ryp krige de earste priis mei 12.18 meter, de twade wie foar J. Dykstra út Himelom mei 12.13 meter en treds waard I. Woudwijk út Froubuorren (dat yn dizze groep fiif fan de tweintich dielnimmers levere) op 12.12 meter.

● Gebroken pols

Doe't yn groep IV (27 dielnimmers fan njoggentjin oant en mei tritich jier) Klaes Bakker út Wanswert (19) in earste sprong makke fan 13.20 m, biloofde dat hwat foar de middei. Doe't Klaes okkerdeis earne oars ljepte, bruts de pols en mocht hy „de sprong herhalen wegens een gebroken pols", lyk as de komentator sneon sei, efkes forjittend, dat pols yn it Hollânsk en yn it Frysk net deselde bitsjutting ha. De komentatoren, de hearen S. H. van den Akker en P. Hiemstra, wiene oars wol faker in bytjje yn de war. Gjin wûnder, hwant alles ljepte mar troch elkoar hinne fan trije skânsen tagelyk.

In moaije sprong yn dûbele bitsjutting makke ek G. Schrijver út Meerkerk mei 12.88 m. De autorydskoal- lehâlder George Valkema fan 'e Jouwer (kampioen yn 1962 en 1964) brocht it ta 13.39 m.

Doe kaem Roel Bokke Span. Foardat er de sprong weage, rierde en stipte er mei de pols yn't wetter om as wie er bang, dat it oanbaerne soe. Doe't de pols goed en wol set wie, naem er (mei in petse op tsjin de sinne) in geweldigen oanrin, klattere yn de pols omheech as woe er in dûbeltsje op it heechste topke dellizze en smiet syn body in ein it lân yn doe it oan it delkommen ta wie: 13.78 m. wie it resultaat, dat de ljepper gâns hantje- klappen oplevere. Ek al wie der direkt nimmern, dy't dizze prestaesje fan Span binei wist to kommen, der bleau genôch fariasje. Der binne ek altiten party, dy't gewoan by de pols lâns fleane as gie it om it kampioenskip snoekspringen. In apart gesicht. Fan de likernôch 160 sprongen founen in kwart har ein yn 'e feart. Allinne as de pols echt brekt, mei oersprongen wurde.

● Timed

In hiel moaije sprong levere G. Brouwer út 'e Brekkenpolder, dy't op 13.10 m kaem, mar by syn twade net fierder as 12.79 m. P. Rietveld út Lexmond (en mei him folle oaren) koe net oer de helte fan 'e feart komme, mar de earste omloop fan groep IV levere lykwols noch in machige sprong. Dy wie fan de tweintichjierrige Tj. Feenstra út Stiens. Alle ûnderdielen fan de sprong wiene prachtich timed. Yn alle gemoedsrêst klom er nei it uterste topke, stie hast stil, doe't de pols yn it midden fan 'e feart steil oerein stie en wurke doe de sprong prima ôf: 13.89 m. Yn 1964

waard Feenstra kampioen by de juniorren mei in sprong fan 12.85 m. Dit jier wie der noch net fierder kaem as 11.70 m. Gjin wûnder, dat elkenien útseach nei de twade sprong fan dizze ljepper. Mar dat waard in grea- te toloarstelling. Hy gie oer de side en bidarre romleas yn 'e ploemp.

Elke ljepper, dy't meidwaen wolom it kampioenskip moat yn elk gefal oan trije wedstriden yn it simmerskoft meldien ha. Der kinne lykwols útsû- deringen makke wurde, as die bliken. Dat is it gefal as men deis twa kear tritich kij melk of provo's op 'e hûd sit. Oan de earste batingst soldie G. Rosier út Suwâld. Hy hie oant nou ta mar oan ten wedstriid meidwaen kinnen, mar melkt twaris deis. De heer J. Atema út Grou, dy't opheden op Soestdijk tahâldt as marchousses, hie sadwaende ek gjin trije wedstriden springe kinnen, mar him wol fortjinst- lik makke as bilager fan de provo's. Ek hy mocht dus meidwaen. De hear Rosier brocht it ta in sprong fan 12.77 m. De heer Atema kaem op 12.94 m en 12.46 m. Koartnei syn lêste sprong sette de lêste ôf, sûnder it fierdere forfin fan de wedstriid ôf to wacht- sjen. De provo's wachten oars net op him. Mar wol de tsjinst, dat sadwaen- de.

George Valkema bleau mei syn twa- de sprong ûnder de earste: 12.96. Koart nei him wie Roel Bokke wer oan bar. Hy klom oant fyftjin sentimeter ûnder de top fan de pols en elkenien hâldde de adem yn, mar it gie bêst. Allinne de ôfsprong hie hwat better kinnen. Lyk- wols wie de 14.07 m mar ten senti- meter ûnder de sprong fan George Falkema op 9 augustus 1964. W. S. Abma út Jidskenhuzen wist mei syn 39 jier ek noch bêst mei to dwaen. Syn fierste sprong wie 13.38 m.